

WILLE EN WOLLE; KENNE EN KINNE 'GRIP 2017-2020'

Einrapportazje ûnderdiel lêsbegryp
Sigrid Kingma



evaluaasjesysteemfrysk

Grip-Konsortium foar Frysk en Meartaligens
AFUK, Cedin, Lektoraat Frysk & Meartaligens,
Lektoraat Taalgebruik en Leren

Ynhâldsopjefte	Side
Opdracht	3
Foarûndersyk	3
Planning	4
De toetsen	5
<i>Globale opset</i>	
<i>Toetsûntwerp</i>	
- <i>Struktuer</i>	
- <i>Ynhâld</i>	
<i>Feedbackgroep</i>	
Methodology foar pilots	7
<i>Primêr ûnderwiis</i>	
- <i>Dielnimmers</i>	
- <i>Proseduere</i>	
<i>Fuortset ûnderwiis</i>	
- <i>Dielnimmers</i>	
- <i>Proseduere</i>	
Analyze fan de resultaten	10
<i>Primêr ûnderwiis</i>	
- <i>Skoare</i>	
- <i>Ynterne konsistinsje</i>	
- <i>Sprieding</i>	
- <i>Oflieders</i>	
<i>Fuortset ûnderwiis</i>	
- <i>Skoare</i>	
- <i>Ynterne konsistinsje</i>	
- <i>Oflieders</i>	
<i>Undersyk nei faliditeit</i>	16
Analyze toetsen 2014-2016	17
<i>Pilot primêr ûnderwiis</i>	
- <i>Skoare</i>	
- <i>Ynterne konsistinsje</i>	

Pilot fuortset ûnderwiis

- *Skoare*
- *Ynterne konsistinsje*
- *Sprieding*

TMBU

MFU 2014-2018

Kontrôle troch ekspêrs	21
Oplevering	22
<i>Primêr ûnderwiis yn Spoar 8</i>	
<i>Fuortset ûnderwiis klasse 1 yn Searje 36</i>	
<i>Eksamens Meartalich Fuortset Underwiis</i>	
Hantliedingen	25
<i>Gebrûk yn it primêr ûnderwiis</i>	
<i>Gebrûk yn it fuortset ûnderwiis</i>	
<i>Gebrûk foar it MFU-eksamen</i>	
Neisoarch	26

Opdracht

De opdracht fan de Provinsje is om de ynspeksje hânfetten te jaan foar it kontrolearjen fan it oanbean Frysk op skoallen. Yn de oanfraach is ynspile op dy winsk troch in evaluaasjesysteem te ûntwikkeljen foar lêsbegryp en taalkennis. Yn de perioade 2018-2020 wurde de yn 2014-2016 ûntwikkele toetsen (*Wêr hast it wei, 2017*) oanfolle. Der komme foar lêsbegryp yn totaal 12 nije toetsen by, sadat de folsleine learline folchber is.

De toetsen wurde pilotdraaid op basisskoallen en middelbere skoallen. It evaluaasjesysteem wurdt analysearre, ferbettere en kompleet oplevere yn Spoar 8 foar it primêr ûnderwiis en yn Searje 36 foar it fuortset ûnderwiis.

De toetsen wurde hieltyd kontrolearre op kwaliteit yn ferskillende stadia fan de ûntwikkeling. Foar de statistyk en toetsing wurde eksterne ekspêrs ynskeakele.

Foarûndersyk

By de trochûntwikkeling is it wurk fan Jurjen Kingma oerdroegen. Dêrom is earst in lytse hifking dien fan de stân fan saken. By santjin skoallen is frege nei it gebrûk fan de toetsen. Fierder is kontrolearjend analyse útfierd op de besteande dataset.

De fiif toetsen foar it basisûnderwiis binne benammen te lang. Se wurde bûten it pilotdraaien om hast net brûkt. Leararen moasten de pilot oer ferskillende dagen útspriede om't it learlingen net yn ien sit slagget om de toets te meitsjen. Dogge se it wol yn ien dei, dan is de lêste tekst dúdlik it minst makke. Leararen jouwe in soad feedback op it wurkjen yn Spoar 8. As je it net op wyklikse basis brûke, is it dreech om der (soms letterlik mei ynloggen) wer yn te kommen. Der is ferlet fan hânfetten, keuzefrijheid en heechwaardich materiaal.

De eksamens foar it Meartalich Fuortset Underwiis (MFU) fan de ôfrûne 5 jier binne analysearre. Ien fan de besteande MFU-lêsbegrypstoetsen lit net goed it ferskil tusken goede en mindere lêzers sjen. De resultaten fan de analyse tegearre mei kollega Reitze Jonkman binne presintearre en kinne opfrege wurde. It MFU stiet yn de bernskuon. It Liudger Burgum is yn in soad opsichten in foarbyldskoalle. Troch Cedin wurdt in ûnderskied ynfierd tusken MFU Basis en MFU+. Dat betsjut dat der yn de takomst jierliks op twa lêsnivo's toetsen wêze moatte foar twa ûnderwiisnivo's TMBU en HAFU/TWU.

Yn de earste klasse fan it fuorset ûnderwiis neame leararen benammen it beheinde oantal oeren dat foar it Frysk reservearre is. Se krije net de tiid om djipgong op te sykjen, kinne de learlingen net goed kennen leare, en hawwe dêrtroch in útdaging om learlingen te motivearjen foar it fak. As der dan ris in les útfalt, hawwe se der klauwen oan om in folslein oanbod te realisearjen. De fiif leararen dêr't ik mei praat ha, binne belutsen, tige fryksinnich en kundich, mar sizze unanym: it oantal oeren Frysk moat omheech om echt goed lesjaan te kinnen. De toetsen binne in fêsttimmere ûnderdiel yn in al stampfol programma. Wichtich is, dat de toets binnen ien lesuere ôfnommen wurde kin, rekken hâldend mei lesuergongen en oare foarfallen. De toets mei dus perfoarst net langer duorje as 40 minuten, en leafst minder, sa't der yn deselde les ek noch wat oars dien wurde kin.

Plenning

Sjoen de urginsje foar feroaring yn it basisûnderwiis, is dêr yn 2018 mei úteinset, folge troch in evaluaasje fan 2015-2018 fan it MFU en de produksje fan nije teksten yn 2019, en yn 2020 it fuortset ûnderwiis mei nochris it MFU. De ûndersteande tabel lit de globale plenning sjen.

Tabel 1. Tiidsspan	Taak
Jannewaris 2018	10 teksten en 5 gatsjeteksten garje basisskoalle Lisinsjes oanfreegje, Teksten op maat meitsje
Febrewaris	Fragen by teksten meitsje, Feedbackgroep starte Kontakt lizze mei skoallen
Maart	Fragen útwurkje, evaluatearje, herskriuwe
April	Toets digitaal gearstalle Skoallen ynstruearje foar pilot, Op skoallen útsette
Maaie	Proses begeliede op skoallen, Feedback freegje op pilot
Juny	Weromkeppeling feedback Pilot ôfslute op skoallen, Utkomsten útwurkje
July	Utrin útwurking (skoalfakânsje 21 july-2 septimber) Utkomsten statistysk ferwurkje
Augustus	Feedback en ûndersyksresultaten fergelykje
Septimber	Toetsen oanpasse 2 teksten garje MFU, 2 basisskoalle, Lisinsjes oanfreegje
Oktober	Teksten op maat meitsje, Fragen by teksten meitsje
Novimber	Feedbackgroep starte, Fragen útwurkje, evaluatearje
Desimber	Fragen herskriuwe Toets digitaal gearstalle, Skoallen ynstruearje foar pilot
Jannewaris 2019	Op skoallen útsette, Proses begeliede op skoallen Romte foar útwurking fan nije wurkfoarmen
Febrewaris	Feedback freegje op pilot Proses begeliede op skoallen, Weromkeppeling feedback
Maart	Pilot ôfslute op skoallen, Utkomsten útwurkje
April	Utkomsten statistysk ferwurkje Nije wurkfoarmen dienmeitsje
Maaie	Feedback en ûndersyksresultaten fergelykje
Juny	Toetsen oanpasse
July-Oktober	Ferlof
Novimber	6 teksten garje fuortset ûnderwiis, 4 teksten garje MFU Lisinsjes oanfreegje Skoallen ynformearje oer pilot
Desimber	Fragen by teksten meitsje, Feedbackgroep starte Fragen evaluatearje en herskriuwe, Toets digitaal gearstalle
Jannewaris 2020	Skoallen ynstruearje foar pilot, Op skoallen útsette
Febrewaris	Proses begeliede op skoallen, Statistyk MFU pilot Statistyk pilot fuortset ûnderwiis
Maart	Artikel twatalige fraachstelling
April	Klearmeitsje MFU eksamenteksten, Eksamen begeliede
Maaie	Toetsopset feroarje yn Spoar 8
Juny	Artikel lêsbegryp basisûnderwiis yn stapnivo
Septimber	Nivobepaling alle teksten fuortset ûnderwiis
Oktober	Toetsen yn Searje 36 klearmeitsje, Weromkeppeling
Novimber	Undersyksferslaggen skriuwe, Ekspêrmoeting
Desimber	Einpresintaasje, Ofslute projekt Grip 2.0

De toetsen

Globale oplevering

Foar it primêr ûnderwiis binne der fan groep 5 oant en mei groep 8 jierliks trije toetsmominten ûntwikkele. De starttoets wurdt foar de hjerstfakânsje ôfnommen, en de eintoets foar de simmerfakânsje. De toetsen tsjinje as middel om in globaal byld te krijen fan it oanbod dêr't de learling oan ta is om fierder mei te oefenjen. De tuskentoets healwei it skoaljier is fakultatyf en kin tsjinje as ekstra oefening, mei de mooglikheid om te differinsjearjen troch dy learling in tuskentoets fan in subnivo heger of leger te jaan.

Foar de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis binne der foar TMBU en foar HAFU/TWU elk trije toetsen op trije nivo's. Sjoen it beheinde oantal oeren yn it fuortset ûnderwiis, is de toetsing nei eigen ynsjoch fan de dosint yn te setten.

Foar it meartalich fuortset ûnderwiis binne twa sets toetsen beskikber foar de learnivo's TMBU en HAFU/TWU op MFU Basis en MFU+. De sets kinne jier op jier ôfwiksele wurde, sa't net twa jierren achter inoar deselde toets ôfnommen wurdt. Understeande tabel toant in oersjoch fan alle toetsen en de keppeling mei it Referinsjeramt Frysk (RrF).

Tabel 2. Learjier	A2.1	A2.2	B1.1	B1.2	B2.1	B2.2	Totaal
Groep 5	2						2
Groep 6		2					2
Groep 7			2				2
Groep 8				2			2
Tuskentoets	1	1	1	1			4
TMBU 1		1	1	1			3
HAFU/TWU 1		1	1	1			3
TMBU 3			1	1			2
HAFU/TWU 3					1	1	2

Toetsûntwerp

Struktuer

In toets bestiet út twa teksten. Dat is yn oerlis mei dosinten en ekspêrs bepaald. De toetsen foar it primêr ûnderwiis hawwe 16-21 fragen om de doer fan de toets te beheinen. Alle toetsen foar it Meartalich Fuortset Underwiis hawwe 20-25 fragen fanwege it summative gebrûk. It binne mearkeuzefragen mei ien goed antwurd en trije ôflieders. It stribjen is twa ferskillende tekstsoarten yn ien toets om te soargjen dat de toets in represintatyf en tekstsoartûnôfhinklik byld jout fan it lêsbegrip. Yn it primêr ûnderwiis wie dat net altyd mooglik om't it ferskaat oan geskikte tekstsoarten op RrF-nivo A2 lyts is, lykas it oanbod oan autentike net-fiktive Fryske teksten. Dat hat laat ta in rynsk gebrûk fan fiksjeteksten. Foar fiksjeteksten is gebrûk makke fan de *Sweltsjerige* fanwege de keppeling mei AVI-nivo's.

Ynhâld

Foar it garjen fan geskikte teksten hat it referinsjeramt Frysk (RrF, ferlykber mei ERK) liedend west. By it ûntwikkeljen fan fragen by de teksten is it BIES-model (Begripe, Ynterpreteare, Evaluatearje en Gearfetsje, beskreaun troch Oosterloo & Paus, 2010) ferwurke yn it RrF. Tabel 3 toant de yndieling dy't brûkt is foar it ûntwikkeljen fan de toetsen en is hjirûnder taljochte.

Tabel 3.			
RrF	Technysk lêsnivo	Soart teksten	Fraachnivo
A1	AVI E3	Printeboek Meidieling Oanwizing	Begripe
A2	AVI E3 AVI M4 AVI E4	Gedicht Koart ferhaal Resept Advertinsje Nijsberjocht	Begripe Ynterpretearje
B1	AVI E4 Maksimaal	Langer ferhaal Interview Persoanlike brief Brosjuere	Begripe Ynterpretearje Gearfetsje
B2	Maksimaal	Adolesinteliteratuer Ferslach Ynstjoerde brief Redenaasje Kollum	Begripe Ynterpretearje Gearfetsje Evaluarje

Op A2 kin de learling ienfâldige brieven begripe, literatuer belibjend lêze, ienfâldige en foarsisbere ynformaasje opsykje, de grutte line folgje en ynstruksje mei yllustraasje begripe. Dat komt foar it fraachnivo oerien mei 'Begripe' en 'Ynterpretearje', en faaks ienfâldich 'Gearfetsje' as de tekst koart en dúdlik is. Op dat earste nivo spilet it technysk lêzen ek mei foar de tekstkeuze, en dus ek foar de fraachstelling.

Op B1 kin de learling foarfallen, gefoelens en winsken begripe, werkennend lêze, ienfâldige saaklike brieven en mails begripe, de belangrike punten derút helje en dúdlike ynstruksjes begripe. Dan komt der dus 'Gearfetsje' by. De beskriuwings binne noch benammen foar ynformative, fiktive en ynstruktive teksten, net persoanlik en al hielendal net argumintatyf. Evaluarje is noch net oan de oarde.

Op B2 kin in learling kritysk en reflektearjend lêze, relevante details fine, oanwizingen mei ynbegryp fan betingsten en warskôgingen begripe en problemen mei stânpunten en stellingen begripe. Op B2 wurdt ferwachte dat learlingen kritysk reflektearje op wat se lêzen hawwe, sels in oardiel foarmje en dat mei arguminten út de tekst ûnderbouwe. Dan komt 'Evaluarje' derby.

Mei de yndieling kin kombinearre wurde om ta subnivo's te kommen. Bygelyks: in tekstsoart fan nivo A2.1 kin op A2.2 komme troch kognityf belêstender fragen te stellen. Sa kin ek in tekst dy't wat technysk lêzen oangiet op B1.1 sit, troch in ienfâldiger tekstsoart dochs op A2.2 útkomme. By de yndieling is it ûnderwerp fan de tekst, de ynformaasjetichtheid en de lingte net ûnderbrocht, wylst dy ek meispylje yn de dregens fan in tekst. Mei dy saken is rekken holden troch de tekstlingte licht oprinne te litten mei de leeftyd, en ûnderwerpen binnen de belibbingswrâld fan de learlingen te kiezen. Lykwols falt net foar alles te kontrolearjen as wy de autentisiteit fan de tekst safolle mooglik behâlde wolle. De teksten binne dêrom yn pilots útprobearre en efterôf definityf RrF-keppele.

Tabel 4. Type fraach	Tekstnivo	Foarbyld
Letterlik út de tekst	Mikro	Hoe hjit de poes?
Mei oare wurden	Mikro	Wat is in oar wurd foar 'steil' hier?
Ynterpretaasje	Mikro	'Krekt as thús.' Wat is krekt as thús?
Tekst nei byld	Mikro/Meso	Wat krijt Jet te iten? (foto's)
Foarspelle	Mikro/Meso	In 6_____frijwilligers is drok dwaande
Sinsferbannen	Meso	Wat bedoelt heit mei 'har'?
Gronology	Meso/Makro	Wat bart der earst?
Gearfetsje	Makro	Wat is in oare passende titel foar dit ferhaal?
Tekstoerstiigjend	Makro	Wat foar soart tekst is dit?

Der is soarge foar in lykwichtige ferdieling fan de fragen op mikro-, meso- en makronivo, lykas beskreaun troch Kitsch & Van Dijk (oernommen troch Hacquebord, Stellingwerf, Linthorst & Andringa, 2005). Om't de trijedieling frij grof is, en der diskusje mooglik is oer de yndieling, binne konkretere subgroepen makke. Sa is der better sicht op wat noch ûnderbeljochte is. Der hat in idee west om de fragen yn Spoar 8 en Searje 36 te foarsjen fan in label sa't leararen sjen kinne mei hokker type fragen oft de learling muoite hat, mar dat idee hat de einferzje net helle. Analyze fan skoares op de typen fragen is net opnommen yn de rapportaasje om't it gjin ynfloed hân hat op de ûntwikkeling fan it evaluaasjesysteem.

Feedbackgroep

De teksten binne foarôfgeand oan de pilot foarlein oan in feedbackgroep en fan op- en oanmerkingen foarsjoen. Sawol skriftlik as mûnling is oerlein oer tekstynhâldlike saken, taalkundige fraachstikken, rigelôfbrekking en -nûmering, digitale werjefte, dúdlikens fan de fraachstelling, kwaliteit fan de ôflieders en diskusjemooglikheid oer it antwurd. De feedbackgroep bestie yn wikseljende formaasje út de ûndersteande meilêzers.

Mirjam Günther - v.d. Meij (NHL Stenden)
 Reitze Jonkman (NHL Stenden)
 Jurjen Kingma (NHL Stenden)
 Alex Riemersma (NHL Stenden)
 Janke Singelsma (NHL Stenden)
 Nynke Anna Varkevisser (NHL Stenden)
 Pieter Duijff (Fryske Akademy)
 Ate Grypstra (Provinsje)

Eelke Goodyk (Cedin)
 Dorien Hamstra (Cedin)
 Bernadette de Jager (Cedin)
 Gelske Bosch (Afûk)
 Stephan Berger (Afûk)
 Gerrit Hoekstra (Piter Jelles Gymnasium)
 Tsjard Koaistra (Liudger Burgum)
 Ans Wallinga (Het Drachtster Lyceum)

Methodology foar pilots

Twa opmerking foarôf binne op syn plak. Foarst is der yn it primêr ûnderwiis yn alle toetsen in gatsjetekst meinommen, om dy toetsfoarm foar lêsbegryp op sinsnivo út te probearjen. Hoewol't de reaksjes posityf wienen (leuk, fluch klear), koenen de resultaten fan de gatsjetekst net út it systeem helle wurde foar analyze. Inkeld fan ien skoalle dy't de toets op papier makke hat, binne de resultaten bekend. De gatsjeteksten binne fanwege de digitale ferwurkingsproblemen folslein bûten beskôging litten en fersmiten as opsjonele toetsfoarm.

Twads is der noch in systeemprobleem. Foar alle pilots jildt dat de skoallen anonym dielnommen hawwe. De AVG hat laat ta it ûnfoarsjoene probleem dat út de online learomjouwings gjin gegevens fan learlingen oer skoallingsnivo dield wurde mochten. Yn de fragelist foar de learlingen wie dat net meinommen, om't de ferwachting wie dat dy gegevens bekend wienen by Searje 36. By middelbere skoallen dy't mear as ien ûnderwiisnivo oanbiede, is dêrtroch net in goede útsplitsing te meitsjen. Mei help fan dosinten koe in diel dochs efterhelle wurde.

Primêr ûnderwiis

Dielnimmers

De testfase bestiet út in earste pilot yn 2018, folge troch in eventuele twadde yn 2019 as teksten oars útfalle en der ferfangers komme moatte. Foar it garjen fan dielnimmers binne 39 skoallen oanskreaun; de 17 yn 2016 dielnimmende skoallen plus 22 nije skoallen dy't net ek al by oare projekten belutsen wienen binnen it Lektoraat Meartaligens en Skriftlike Taalfeardigens. Oan de pilot fan 2018 yn it primêr ûnderwiis hawwe úteinlik 262 learlingen dielnommen fan alve plattelânsskoallen. De toetsen binne útbesocht yn de learjieren dêr't se foar rûze binne. Alle groepen hawwe twa toetsen makke om safolle mooglik gebrûk te meitsjen fan de dielnimmers, mei útsûndering fan groep 4, dy't ien toets krige. Toetsen 1, 2, 3, en 4 binne dus yn twa learjierren test.

Yn 2019 is noch in lytse pilot útfierd foar twa nije teksten ta ferfanging fan twa út 2018 dy't net op it ferwachte nivo skoarden. Beide teksten binne yn twa learjierren test. Oan de ekstra pilot fan 2019 hawwe 202 learlingen dielnommen fan trije grutte plattelânsskoallen, mei ien deselde skoalle as yn 2018. Tabel 5 toant in oersjoch fan de opset.

Tabel 5. Pilots primêr ûnderwiis						
Tekst	Soarte	Rigels	Fragen	Toets	Learjier	Oantal
Fêst yn de toer	Fiksje	34	8	1	4	4
Slûk hier of krollen	Ynformatyf	19	8	(2018)	5	73 (36 Frysk)
Mist en Hup	Fiksje	37	10	2	5	73 (32 Frysk)
Sifers en letters	Ynformatyf	17	8	(2018)	6	75 (28 Frysk)
In moai ferhaal	Fiksje	31	8	3	6	74 (27 Frysk)
Efkes foarstelle	Ynterview	28	8	(2018)	7	87 (41 Frysk)
Hurde wyn	Fiksje	44	10	4	7	82 (40 Frysk)
It geheim fan de Mona Lisa	Ynformatyf	18	8	(2018)	8	79 (33 Frysk)
Sus	Fiksje	34	9	5	8	80 (33 Frysk)
Wa is Alyt Damstra	Ynterview	25	8	(2018)		
Wat stom!	Fiksje	32	11	6	7/8	82 (52 Frysk)
				(2019)		
Sa stil as in ...	Ynformatyf	18	10	7	5/6	120 (48 Frysk)
				(2019)		

Proseduere

Leararen hawwe in hânlieding krigen foar it ôfnimmen fan de pilot, en der hat foarôf in skoalbesite plakhân om de stappen troch te nimmen. Foar Spoar 8 hawwe alle learlingen in persoanlike koade mei wachtwoord. Skoallen dy't noch net mei Spoar 8 wurken, krigen gastaccounts foar de dielnimmers. De tekst kaam hieltyd yn de midden op it skerm, en de

fragen wienen der rjochts fan of ûnder pleatst ôfhinklik fan de breedte fan harren skerm. Der wie ien fraach tagelyk sichtber. By de toets siet in lytse fragelist mei persoanlike fragen foar referinsje en eftergrûnynformaasje, dy't learlingen neitiid ynfolden. De leararen binne frege om de skoares fan de dielnimmers op de CITO-toets lêsbegryp Nederlânsk te dielen. Leararen krigen tusken maart en juny de tiid om de pilot ôf te nimmen.

Fuortset ûnderwiis

Dielnimmers

Yn 2019 binne twa MFU-eksamenteksten útprobearre yn in pilot, om datselde jier tegearre tsjinje te kinnen as eksamentoets foar de treddeklassers. Der binne twa ferzjes toetst, ferzje 1 mei inkeld Frysktalige fragen en ferzje 2 mei in Nederlânske oersetting fan de fragen derby. De dielnimmers binne troch de dosinten lykwichtich ferdield oer de beide ferzjes. It ferskil is tusken de ferzjes is net ferdútst. Oan de pilot partisipearren 194 learlingen fan in lyseum en in gymnasium yn klasse 1.

Yn 2020 binne trije pilottoetsen mei elk trije teksten útsetten op seis middelbere skoallen mei yn totaal 566 dielnimmers. Pilot 1 is ûnder 164 dielnimmers yn de earste klassen ôfnommen. Pilot 2 is ûnder 224 dielnimmers yn de earste en twadde klassen ôfnommen. Pilot 3 is yn de earste klasse, de tredde klasse en de fjirde klasse ôfnommen ûnder yn totaal 178 dielnimmers. Teksten yn pilot 3 binne ornearre foar gebrûk as MFU-eksamentekst. Tabel 6 toant in oersjoch fan de opset.

In eventuele hertest yn de hjerst fan 2020 is oergien om dosinten net noch in ekstra útdaging te jaan by it lesjaan op ôfstân, want lêsbegryp stiet by de measten sa betiid yn it jier noch net op it programma.

Tabel 6. Pilots fuortset ûnderwiis						
Tekst	Soarte	Rigels	Fragen	Toets	Learjier	Oantal
In hûnestreek	Fiksje	33	11	MFU (2019)	1	194
Prizen	Persoanlik	35	10			
Natuerfotograaf	Ynterview	52	8	Pilot 1 (2020)	1	164
Opmars fan brea	Ynformatyf	50	8			
Yn ferwachting	Persoanlik	33	10	Pilot 2 (2020)	1	102
Pearripe ielen	Ynformatyf	49	9			
Tegearre op Fryske les	Ynterview	60	10			
Zermützel	Persoanlik	40	8	Pilot 3 (2020)	1	81
Flutten	Ynformatyf	50	11			
In ko yn de kont sjen	Persoanlik	52	10			
Perron Zoutkamp	Persoanlik	37	12		4	9

Proseduere

De proseduere foar it meitsjen fan de toets op Searje 36 is itselde as by Spoar 8, mei it ferskil dat de fragen by de tekst oer twa siden ferdield binne, yn plak fan alle fragen op in aparte side. In oar wichtich ferskil yn 2020 is dat learlingen yn ferbân mei COVID19 de pilot thús makke hawwe, en dat der gjin mûnling kontakt west hat mei de dosinten fan de dielnimmers, sawol foar de planning as foar de ôfrûning en evaluaasje fan de pilots.

Analyze fan de resultaten


Primêr ûnderwiis

De pilots tsjinje ta it falidearjen fan de toetsen. Gemiddelde skoare, ynterne konsistinsje, sprieding en ôflieders wurde hjirûnder beskreaun foar kontrôle fan de betrouberens en faliditeit fan de toets, mar ek foar de definitive keppeling mei it Referinsjeramt Frysk. Dêrta is earst neigien oft de ferskillende skoallen as ien populaasje nommen wurde kinne, mei help fan statistikus Marinus Spreen fan NHL Stenden dy't ek de útfierde statistyk kontrolearre hat op krektens. Groep 4 is troch it lytse oantal folslein ôfmakke toetsen bûten beskôging litten. Learlingen yn groep 4 kinne net goed selstannich wurkje op in kompjûter.

Skoare

De skoares op de ôfsûnderlike teksten jouwe oan by hokker learjier oft se passe. Mei mearkeuze-antwurden is der 25% kâns om goed te gokken. De grins foar in foldwaande resultaat leit dus net by 55%, mar by 68%. By de bepaling oft de tekst gaadlik is foar in bepaalde groep, is in marzje oanhouden fan in gemiddelde skoare tusken 58% en 78%.

Diagram 1



Troch it testen yn twa learjierren, is der by de measte teksten wol ien groep dêr't de skoare binnen de marzje falt. It krússeksjoneel testen biedt ynsjoch yn hoe't it lêsbegrypsnivo him ta de learjierren ferhâldt. Dêrtroch is it ek mooglik om foarsichtich te ekstrapolearen. Fiksjetekst *Sus*, dy't inkeld yn groep 8 makke is, is bygelyks fierste maklik foar groep 8. Fiksjetekst *Hurde wyn* is sawol yn groep 7 as groep 8 makke, lykas *It geheim fan de Mona Lisa*. Op basis fan dy ferskillen kin ek in skatting makke wurde foar hoe dreech oft *Sus* wêze soe foar groep 7. Tusken groep 7 en groep 8 is it skoareferskil grutter as tusken groep 6 en groep 7. *Sus* soe noch wat oan de maklike kant útfalle foar groep 7, mar soe foar groep 6 wol hiel gaadlik wêze. Op deselde wize komt *Slûk hier of krollen* út by groep 7. Ynformative tekst *Sifers en letters* is ek geskikter foar groep 7, want dy sit yn groep 6 krekt op de ûndergrins. Ynterview *Efkes foarstelle* kin krekt foar groep 7, mar soe better foar groep 8 wêze.

Foar in balansearre ferdieling fan tekstsoarten oer de learjierren, ek mei it each op wat der yn 2014-2016 oan toetsen ûntwikkele is, soe der noch in ynformative tekst foar groep 5 en


in fiksjetekst foar groep 8 komme moatte. Dat hat it jier derop laat ta de ûntwikkeling fan twa nije teksten mei fragen. De tekst *Wat Stom!* foar groep 7/8 yn de pilot fan 2019 skoarde 79,2% en *Sa stil as in ...* foar groep 5/6 skoarde 71,8%. De ynformative tekst *Sa stil as in ...* foar groep 5 is dus súksesfol, de fiksjetekst *Wat Stom!* falt wat makliker út, mar kin foar in groep leger brûkt wurde.

Yn it algemien kin steld wurde dat fiksjeteksten makliker fûn wurde as ynformative teksten. De ynterviews binne it dreechst. Dat strookt mei de tekstsoartyndieling yn tabel 3. It stellen fan kognityf mear belêstende fragen by de foar groep 8 technysk ienfâldige tekst *Wat Stom!* hat net resultearre yn in skoare binnen de marzjes. It stellen fan mear hegere-oardefragen hat wol wat ynfloed op de dregens, mar de tekst sels is liedend.

Ynterne konsistinsje

De sizzenkrêft fan de toets wurdt metten oan de hân fan de ynterne konsistinsje. Dêrta wurdt in Cronbach's Alfa berekkene. Gewoanwei wurdt in Alfa fan 0.7 sjoen as foldwaande. Hoe heger it tal fragen, en hoe better de toets oanslút op it nivo fan de dielnimmers, hoe heger de wearde wêze sil. De fragen dy't hast gjin ynfloed op lêsbegryp hawwe, en de fragen dy't de Alfa mei mear as 0,020 omleechhelje, wurde oanpast of ferfongen.

Diagram 2



Toets 2, 4 en 5 skoare heech genôch. Toets 1 en 3 sitte te leech. Dat komt diels trochdat de teksten te dreech wienen en dy toetsen minder fragen hienen as de oare toetsen. Alle fragen dy't in lytse gearhing mei it gehiel hawwe, wurde ferfongen of oanpast. Inkeld toets 1 skoart nei oanpassing noch net foldwaande, dat komt trochdat de ynformaasjetekst te dreech wie foar groep 5. Understeande fragen binne oanpast of ferfongen.

*Wat bringt Jet har heit NET foar har mei?
'Dy meitsje der in potsje fan.' Dat is in
útdrukking. Wat bedoele se dêrmei?
Hoe beweecht de poes?
Wat kinst NET út de tekst helje?
Oer hoefolle lannen giet it yn de hiele
tekst?*


*Troch de wyn falt fan alles om. Wat falt
NET?
Hoefolle eigners hat is skilderij hân, útsein
de skilder sels?
Wat foar wurk docht Lip NET?
Hoefolle fragen wurde oan Lip steld?
Wat hat Alyt NET dien?*

Opfallend is dat benammen de fragen mei negaasje en de telfragen problemen opsmite. Dat leit ek yn de reden, want der binne kognityf oare prosessen dy't in rol spylje by it tellen. Om't negaasjes ek by de deistige taal heare, en learlingen wis leare moatte om se goed te begripen, is der wat foar te sizzen om se stean te litten. Lykwols, de negaasjes jouwe nettsjinsteande de markearing yn kapitalen grutte problemen by it mjitten fan lêsbegryp. Alle fragen mei negaasjes en telfragen binne dêrom omskreaun of skrast.

De teksten fan 2019 binne los oanbean, dus de berekking fan de Alfa is ek op basis fan ien tekst. *Sa stil as in ...* skoart 0,656 mei ien fraach as dwerslizzer en *Wat stom!* skoart 0,610 mei twa fragen dy't de skoare omleechhelje. By fuortheljen fan dy fragen komme beide teksten boppe de 0.65 út, wat akseptabel is foar sa'n lyts tal fragen. As de teksten elk mei in oare tekst fan ferlykber nivo kombinearre wurde ta toetsen, sil de Alfa boppe de 0.7 sitte.

Sprieding

Diagram 3



De sprieding toant yn hoefiere oft de tekst diskriminearret tusken de goede en de minder goede lêzer. Diagram 3 toant de sprieding fan de teksten nei it fuortheljen fan de fragen dy't problemen joegen foar de ynterne konsistinsje. In standertdeviaasje fan 1,5 fraach of mear is rekkene as akseptabel. Dat is yn de histogrammen dúdlik te sjen oan it oantal balkjes; mear as seis is foldwaande. *Fêst yn de toer* en *Sifers en letters* yn groep 5 jouwe te min sprieding. Yn groep 6 is de sprieding fan *Sifers en letters* wol foldwaande, en om't de tekst úteinlik yn groep 7 brûkt wurde sil, is it gjin probleem dat de sprieding yn groep 5 minder is. Inkeld *Fêst yn de toer* jout in probleem, dus der moat by de gearstalling fan de definitive toetsen rekken mei holden wurde dat dy tekst kombinearre wurdt mei in tekst dy't in brede sprieding jout. De yn 2019 ûntwikkele ynformative tekst *Sa stil as ...* jout in brede sprieding mei in standertdeviaasje fan 2,09. De nije fiksjetekst *Wat stom!* sit mei 2,60, it heechst. Dêr moat wol by sein wurde dat de lêste twa teksten troch learlingen fan twa groepen makke binne, wat logyskerwiis in gruttere sprieding opsmyt.

Oflieders

De ôflieders dy't troch minder as 5% fan de dielnimmers keazen binne, wurde ferfongen of werskreaun. Dy binne net plausibel genôch. Dat wie it gefal by in trijetal ôflieders. Dy ôflieders binne ferfongen. By ien gefal is de fraach ek oars formulearre sa't de nije ôflieder net foar diskusje oer it goede antwurd soargje kin.

Fuortset ûnderwiis

Foar it fuortset ûnderwiis is de skoare en de ynterne konsistinsje hjirûnder beskreaun. De histogrammen fan de sprieding binne net yn de rapportaazje opnommen om't de sprieding by gjin fan de teksten problemen joech. De útfierde statystryk is kontrolearre troch kollega's fan NHL Stenden.


Skoare

By de bepaling oft de tekst gaadlik is foar in bepaalde groep, is wer in marzje oanhouden fan in gemiddelde skoare tusken 58% en 78%. Tabel 7 toant de skoares op de teksten yn 2019.

Tabel 7. Toetsútslach MFU-pilot klasse 1 2019				
Lyseum	In hûnestreek (1)	Prizen (1)	In hûnestreek (2)	Prizen (2)
Gemiddelde skoare	68,5%	38,1%	94,5%	40,7%
Cronbach's Alfa	0,623 (N=105)	0,263 (N=83)	0,595 (N=95)	0,363 (N=91)
Ferskil skoare Frysk/NL	2,02* (N=90)	0,61* (N=77)	2,03* (N=85)	0,22 (N=84)
Gymnasium	In hûnestreek (1)	Prizen (1)	In hûnestreek (2)	Prizen (2)
Gemiddelde skoare	63,3%	46,9%	77,8%	54,2%
Cronbach's Alfa	0,766 (N=15)	0,551 (N=9)	0,598 (N=12)	0,350 (N=12)
Ferskil skoare Frysk/NL	2,14 (N=10)	1,62 (N=10)	1,75 (N=9)	0,20 (N=9)

Foar de analyze wurdt de gemiddelde skoare fan ferzje 1 brûkt sa't de skoare ferlykber is mei de teksten yn de pilots fan 2020. In hûnestreek komt op in moai gemiddelde foar klasse 1, dus is oan de maklike kant foar de eksamendielnimmers yn klasse 3, as it lêsbegrypsnivo lykas yn it primêr ûnderwiis oprint mei it learjier. De tekst *Prizen* is te dreech foar klasse 1. De eksamentoets yn 2019 foar klasse 3 bestie dus út in maklike en in dregere tekst. Foar takomstige MFU-eksamens sil *In hûnestreek* net wer brûkt wurde, om't it in moaie tekst is foar klasse 1 TMBU, en der foar it MFU geskiktere teksten ûntwikkele binne. Diagram 4 toant de skoares op de pilot fan 2020.

Diagram 4



De earste trije teksten falle dreger út as ferwachte, mar wol allegear sawat like dreech. De earsteklassers skoare gemiddeld ûnder de 60%. Dy trije teksten soenen foar de bettere HAFU/TWU-learlingen yn klasse 1 brûkt wurde kinne. By pilot 2 is it ferskil tusken de teksten sterk ôfhinklik fan it skoallingsnivo. Op de oranje skoalle, dêr't benammen HAFU-learlingen meidien hawwe, skoare de dielnimmers wakker gelyk op *Pearripe ielen* en *Tegearre op Fryske les*, mar op de TMBU-skoalle skoare de learlingen foldwaande op *Pearripe ielen*, en swier ûnfoldwaande op *Tegearre op Fryske les*. Yn Pilot 3 binne twa teksten oan de drege kant foar klasse 3, en is ien goed op nivo. Op basis fan de oranje skoalle, dêr't deselde groep learlingen alle pilots makke hat, binne goede ferlikingen te meitsjen, en kinne de teksten yn in ranglist fan dregens setten wurde.


Yn it algemien falle de skoares leech út. Dêr binne trije mooglike ferklearrings foar. It kin dat de toetsen te maklik ynskatten binne. It is ek mooglik dat learlingen yn de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis op in leger lêsbegrypsnivo sitte foar Frysk as de learlingen yn groep 8 fan Frysksinnige plattelânsbasisskoallen. De meast foar de hân lizzende ferklearring is dat yn it primêr ûnderwiis in Nederlânske oersetting by de fraach jûn wurdt, en yn it fuortset ûnderwiis net. Yn de paragraaf 'Undersyk nei faliditeit' is dat wiidweidiger beskreaun.

Ynterne konsistinsje

In Alfa fan 0,7 wurdt sjoen as foldwaande. De fragen dy't hast gjin ynfloed op lêsbegryp hawwe, en de fragen dy't de Alfa mei mear as 0,020 omleechhelje, binne oanpast of ferfongen. Yn tabel 7 is te sjen dat de Alfa ôfhinget fan de kwaliteit fan de stekproef en de gemiddelde skoare. In *hûnestreek* hat ôfsûnderlik yn it meast geunstige gefal al in Alfa fan 0,766. By *Prizen* is de wearde op syn heechst 0,551. De kombinearre Alfa is dan 0,824. Dat is yn de gymnasiumklasse, op it lyseum by de gruttere stekproef komt de kombinearre Alfa op 0,659. By fjouwer fragen wie oanpassing nedich. Ien fraach is fuorthelle sûnder dy te ferfangen om't de tekst genôch fragen oer hie. In nije fraach formularje sûnder earst te testen waard net as bêste opsje sjoen fanwege it gebrûk as eksamentekst. Nei oanpassing en neikontrôle binne de teksten as ûnderdiel lêsbegryp brûkt yn it MFU-eksamen.

Yn Diagram 5 is de Alfa fan de pilottoetsen fan 2020 werjûn, yn totaal en foar eltse tekst.

Diagram 5



De earste toets jout problemen. Tekst 2 *Opmars fan brea* jout it grutste probleem mei in Alfa fan 0,228 en fjouwer fragen dy't net bydrage oan de sizzenkrêft fan de toets. De tekst *Zermützel* yn pilot 2 skoart ek leech mei in Alfa fan 0,320, mar it oanpassen fan twa fragen soe de Alfa foar elk fan de fragen al mei 0,05 ferheegje. By de tekst *In ko yn de kont sjen* giet it om ien fraach dy't by fuortheljen de Alfa mei 0,075 ferheget. By de oare teksten binne der twa of trije fragen dy't de ynterne konsistinsje justjes negatyf beynfloedzje. Understeande list lit sjen oan hokker fragen wat mankearre.

Natuerfotograaf: 5, 7

Opmars fan brea: 3, 5, 7

Yn ferwachting: 1, 5

Pearripe ielen: 7, 8

Tegearre op Fryske les: 2

Zermützel: 1, 5, 7

Flutten: 2, 3, 4, 11

In ko yn de kont sjen: 2

Perron Zoutkamp: 7, 9

De fragen binne allegear neirûn en oanpast, ferfongen, of as de tekst genôch fragen oer hie skrast sûnder ferfangende fraach. *Opmars fan brea* frege om tefolle oanpassings om't de problemen ynherint binne oan it ûnderwerp fan de tekst, dat dy is folslein fuortsmitten.

Oer it gehiel jouwe de teksten yn it fuortset ûnderwiis problemen. Om't de teksten úteinlik mei twa tagelyk yn de toets sitte, en net mei trije lykas yn de pilot, sil de ynterne konsistinsje ek leger wêze. Deselde ferklearrings foar de leger útfallende skoare kinne ek oandroegen wurde foar de Alfa.

Oflieders

De ôflieders dy't yn minder as 5% fan de gefallen keazen waarden, binne ferfongen troch oare ôflieders. Dat wie by fjouwer ôflieders it gefal. Hoewol't it by guon ôflieders mooglik is dat dielnimmers dy keazen hawwe om humoristyske redenen, is der gjin reden sjoen om dy ôflieders te ferfangen. By in echte toets sille se der faaks om gnize as se it goede antwurd witte, mar dy ôflieder net kieze. In bytsje wille tidens de toets helpt foar de konsintraasje.

Undersyk nei faliditeit

Om't der net earder systematysk lêsbegryp Frysk toetst is, binne der yn earste ynstânsje keuzes makke op basis fan oannames, dêr't geandewei fan neigien is wat foar effekt oft se hawwe. Der wie gjin konsensus oer oft der in ferskillend ynstapnivo is foar Nederlânsktalige en Frysktalige learlingen, en faaks ek foar oarstalige learlingen. Faaks soenen de ferskillende groepen learlingen ferskillende toetsen krije moatte op it momint dat se oan lêsbegryp Frysk begjinne. It toetssysteem soe dêr dan op ynrjochte wurde moatte.

Dy oanname is toetst troch yn it primêr ûnderwiis de skoares fan earstetaalpraters en twaddetaallearders op de pilottoetsen mei inoar te ferlykjen. Ut it ûndersyk komt dat der gjin ferskil yn ynstapnivo is. Yn groep 5 en 6 binne de skoares net signifikant ferskillend. Yn groep 7 is der wol in ferskil, dêr skoare de earstetaalpraters better. Skreaun Frysk is net allinnich foar Nederlânsktaligen, mar ek foar Frysktaligen in nije taal om't se net wend binne oan it wurdblyd en de keppeling mei sprutsen Frysk net ien op ien is. Dêr ferskilt in lêsbegrypstoets yn mei taalkennistoets. De konklúzje foar it ûntwikkeljen fan toetsen is dat der net twa ferskillende ynstaptoetsen hoege te kommen. Foar itselde ûndersyk binne de

resultaten fan de dielnimmers op de CITO-toets lêsbegryp foar Nederlânsk opfrege. De skoares op de CITO-toets korrelearje yn hege mjitte mei de skoares op de lêsbegrypstoetsen Frysk, wat in oanwizing is foar hege faliditeit; de beide toetsen mjitte itselde, nammentlik lêsbegryp. De resultaten fan it ûndersyk wurde ferwurke yn in apart artikel.

In oare oanname wie dat learlingen yn it primêr ûnderwiis in oersetting nedich hawwe fan de fraachstelling. We toetse ommers tekstbegryp, gjin fraachbegryp, wie de redenaasje. Foar it MFU waard lykwols bepaald dat dy learlingen de fragen wol yn it Frysk begripe kinne moatte. Foar it fuortset ûnderwiis wie der gjin konsensus.

It effekt fan wol of net in oersetting by de fraach is toetst ûnder learlingen yn it fuortset ûnderwiis troch de helte fan de dielnimmers in toets mei oersetting en de oare helte in toets sûnder oersetting oan te bieden. Dêr kaam út dat de learlingen dy't der in oersetting by hienen better skoarden op sawol de maklike tekst as op de te drege tekst (sjoch tabel 7). De skoare kin wol 25% heger útfalle as der in oersetting by de fraachstelling sit, lykas by *In hûnestreek*. De oersetting fan de fraach makket dus wol deeglik út yn it fuortset ûnderwiis, sawol foar Frysktalige as net-Frysktalige dielnimmers. Om't de skaal sûnder oersetting better wie, en de maklike tekst mei oersetting te goed makke waard, is úteinlik keazen foar in ientalich Fryske fraachstelling yn it MFU. Foar it fuortset ûnderwiis yn de earste klasse is der goede reden om wol in oersetting te jaan fan de fraachstelling, om't oars wol deeglik fraachbegryp toetst wurdt.

It fiert tefier om yn de einrapportaazje fan de oplevere toetsen wiidweidiger op it flankearjend ûndersyk yn te gean. Oan de beantwurdig fan boppesteande fraachstikken wurde aparte artikels wijd. Itselde jildt foar oare ynsichten oangeande lêsbegryp Frysk dy't net direkt ynfloed hawwe op de ûntwikkeling fan it GRIP evaluaasjesysteem, mar wol bydrage oan de wittenskiplike diskusje oer it toetsen fan lêsbegryp yn it Frysk.

Analyze toetsen 2014-2016

Pilot primêr ûnderwiis


De toetsen foar it primêr ûnderwiis binne ûntwikkele troch Nynke Anna Varkevisser dy't as stazjêre op it projekt siet. De wurkwize foar de ûntwikkeling fan de toetsen is beskreaun yn har einûndersyk dêr't de pilottoets foar groep 7 yn útljochte is. Yn de publikaasje *Wêr hast it wei* wurde de toetsen as gehiel besjoen en binne de teksten net apart analysearre. De ynterne konsistinsje en sprieding is doe ek net meinommen. Dêrom binne reslutaten fan de pilots yn de perioade 2014-2016 kontrolearre en yn dizze einrapportazje opnommen. Yn totaal diene 755 dielnimmers mei oan de pilot fan 2016. Tabel 8 toant in oersjoch.

Tabel 5. Pilots primêr ûnderwiis						
Tekst	Soarte	Rigels	Fragen	Toets	Learjier	Oantal
De skoaldokter	Fiksje	39	7	1	5	87
De bosk	Ynformatyf	29	10			(62 Frysk)
Iten op bêd	Fiksje	24	11			
De knyn	Fiksje	30	10	2	6	191
De marren	Ynformatyf	29	8			(108 Frysk)
Klaptút	Fiksje	34	11			
Simen fynt in hoed	Fiksje	52	9	3	7	239
De mûne	Ynformatyf	30	10			(142 Frysk)
In skoalle fol technyk	Ynterview	39	9			
TV Wauw	Ynterview	40	10	4	8	238
It kanon	Ynformatyf	50	10			(147 Frysk)
Ite by beppe	Fiksje	43	13			

Skoare

De statyistik is foar alle teksten neirûn en yn diagram 6 presintearre.


Diagram 6



De ynformative en persoanlike teksten falle wat te dreech út foar de pilotgroep. Dy komme faak in groep of twa heger út. De fiksjeteksten skoare op ien nei wol binnen de marzjes.

Ynterne konsistinsje

Diagram 7 toant de ynterne konsistinsje foar alle ôfsûnderlike teksten en foar de hiele toets.




By toets 1 is benammen de lêste tekst ferantwurdlik foar de hege Alfa. By de twadde toets is de gearhing tusken de trije toetsen grut, dy fersterkje inoar. By toets 3 binne de ôfsûnderlike teksten fan harrensels frij sterk, mar fersterkje se inoar net sa bot as by toets 2. By de toets 4 binne de ôfsûnderlike Alfa's goed, lykas de toets as gehiel. Inkeld de tekst *De bosk* en *De knyn* falle yndividueel wat leger út. De útkomsten litte sjen dat by it kombinearjen fan trije teksten in Alfa fan 0,8 helle wurde kin. De ferwurking fan boppesteande teksten yn it evaluaasjesysteem mei twa teksten yn ien toets kin troch mei doel te kombinearjen in goede ynterne konsistinsje opleverje.

Pilot fuortset ûnderwiis

Fjouwer teksten foar it fuortset ûnderwiis binne yn april 2015 proefdraaid op fiif middelbere skoallen ûnder 275 learlingen yn de brêgeklasse HAFU/TWU. It giet om de teksten *Frysk damjen* (ynformatyf), *De spikerbroek* (ynformatyf), *Fuotbal* (ynformatyf) en *Parwin is asylsiker* (persoanlik). Se binne yn ien pilot ôfnommen. De fragen en guon antwurden binne foarsjoen fan in oersetting. De resultaten fan dy pilot binne kontrolearre yn SPSS.

Skoare


Diagram 8 lit de gemiddelde skoare fan elts fan de skoallen sjen.



De skoares fan de fiif skoallen sitte by *Frysk damjen* frij ticht by inoar. De skoares ferskille benammen by de lêste twa teksten wat mear. De earste twa teksten komme gemiddeld op moaie skoares út en soenen tige gaadlik wêze foar HAFU/TWU. Se binne lykwols brûkt foar TMBU. Dat is nei alle gedachten dien om't de teksten *Fuotbal* en *Parwin is asylsiker* dreger útfalle, en dêrtroch net geskikt binne foar TMBU. De tekst *Parwin is asylsiker* is as MFU-tekst brûkt. De tekst *Fuotbal* is net opnommen yn Searje 36 en ek net as MFU-tekst brûkt.

Ynterne konsistinsje


Diagram 9 toant de ynterne konsistinsje fan de ôfsûnderlike teksten.



De earste twa teksten hawwe in minder hege ynterne konsistinsje as de lêste twa teksten dy't minder goed makke binne. De lêste twa kinne sûnder problemen brûkt wurde, en soenen foar de tredde klasse hiel geskikt wêze. *Frysk damjen* en *De spikerbroek* kinne yn in toets brûkt wurde foar klasse 1.


Sprieding

Foar alle fjouwer teksten is de sprieding ynoarder. De twa teksten mei de heechste ynterne konsistinsje hawwe neffens ferwachting ek de grutste sprieding.



TMBU

De toetsen dy't foar TMBU yn Searje 36 stean, binne yn de termyn 2014-2016 net piloten yn TMBU-klassen. Dat binne *Frysk Damjen*, *Fan draak nei date* en *De spikerbroek*. De fiksjetekst *Fan draak nei date* is net pilotdraaid. De toets is sûnt 2016 ôfnommen troch twa skoallen; by inkeld ien skoalle hawwe de learlingen fan alle trije teksten de fragen ynfolle. Ien fan de teksten, *Frysk Damjen*, is brûkt binnen in tema, dus hat net binnen in toets funksjonearre. De tekst is dêrtroch wol troch 658 learlingen makke. Diagram 10 toant de resultaten.




De ferskillende útkomsten op *Frysk damjen* kinne op twa manieren ynterpretearre wurde. Of it lêsnivo yn de earste klasse TMBU rint tige útien, of de tekst mei fragen jout gjin betroubere mjitting. De tekst wurdt dreech fûn en skoart gemiddeld 54%. Ofgeande op skoalle A, dêr't learlingen de folsleine toets makke hawwe, kin steld wurde dat *Frysk damjen* fan de trije teksten de dreechste is. De fiksjetekst *Fan draak nei date* is dúdlik de maklikste, wat yn reden leit fanwege it tekstsoarte. Skoalle B skoart dêr lykwols ûnfoldwaande op. *De spikerbroek* skoart binnen de marzjes foar skoalle A. It lûken fan konklúzjes op basis fan ien skoalle, is net ferantwurde. Wol kin mei wissigens steld wurde dat de tekst *Frysk damjen* te dreech is foar de gemiddelde TMBU-learling. Dy moat yndield wurde by HAFU/TWU. De fiksjetekst *Fan draak nei date* soe wol foar TMBU kinne, mar de skoares rinne frijwat útien. Om't *De spikerbroek* krekt heger skoart as *Frysk damjen*, kin dy foar in heger nivo op TMBU 1 oanbean wurde. De teksten *De spikerbroek* en *Fan draak nei date* jouwe in gemiddelde skoare binnen de marzjes fan 58-78%. De titel fan de tekst *Fan draak nei date* wurdt feroare yn *In draak kin helpe* om't it Ingelske wurd *date* ek in Fryske namme is, dêr't guon meilêzers oer foelen, en de titel net hielendal oerienkomt mei de ynhâld.

Ta einbeslút is der noch ien tekst oer, dêr't wol fragen by makke binne, mar net piloten is. De fiksjetekst *Dy iene foto* soe nei oplaapjen hiel geskikt wêze foar it earste nivo yn it fuortset ûnderwiis. It koarte ferhaal fan 100 rigels lang is ynkoarte ta in tekst fan 47 rigels, en de trije fragen dy't oer it fuortknippte diel gongen, binne ferfongen troch oare fragen. De tekst is net piloten, om't dy pas by it definityf gearstallen fan de toetsen ûntdekt is. De tekst is lykwols te moai om net te brûken, en om't klasse 1HAFU/TWU noch in fiksjetekst brûke koe, is dy dêr ûnderbrocht. By de neisoarch moat útwize oft de tekst op it goede nivo rûze is. De tekst *Fuotbal* is net weromfûn, wat spitich is om't de tekst moaie skoares opsmiet.

MFU 2014-2018

Foar de MFU-eksamens wienen twa ferzjes yn omgong. Yn 2015 en 2016 binne *Parwin is asylsiker* en *Bern skriuwe* brûkt. Yn 2014, 2017 en 2018 binne *It Fryske hynder* en *Straf* brûkt.



De skoares fan de eksamens binne analysearre yn it ûndersyk nei 5 jier MFU. Diagram 11 lit de skoares sjen op de toetsen.

Wichtiger as de skoare is dat der trije antwurdmoglikheden wienen by de mearkarfragen, yn stee fan fjouwer. De fragen hawwe der dêrom allegear ien ôflieder by krigen sadat de toetsopset foar alle toetsen lyk is.

Kontrôle troch ekspêrs

De wurkwize en de resultaten fan de pilots binne foarlein oan twa ûnôfhinklike ekspêrs. Edwin Klinkenberg hat as ekspêr op it mêd fan psychometriske toetsen sjoen nei de technyske, metodologyske en etyske kant fan de toetsen. Klinkenberg wie goed te sprekken oer de wize hoe't de faliditeit fan de toetsen waarboarge is, lykas it brûken fan fiksjeteksten dy't op AVI-nivo skreaun binne, it ferlykjen fan de útkomsten mei CITO en de soarte fan testwertest dy't yn de opset tapast is. Foar de oplevering fan de toetsen is mei neidruk it belang fan in dúdlike hantlieding foar de leararen neamd. De betrouberens fan de toets falt of stiet mei wannear't en hoe't de toets ôfnommen wurdt. Fierder moat it doel fan de toets foar elk helder wêze. De toetsútslagen kinne net brûkt wurde foar yngripende beslissingen lykas it bepalen of in learling oergiet of sitten bliuwt. Dêr is in betrouberens fan 0.90 foar nedich. Foar nivobepaling en it mjitten fan fuortgong is 0.70 foldwaande, wat hjir ek oanhouden is.

Clary Ravesloot hat as ekspêr op it mêd fan de ûntwikkeling fan lêsbegrypstoetsen sjoen nei de ynhâldlike kant fan de toets, en dan benammen de ferdieling fan de soarten fragen oer de teksten en de sizzenkrêft fan de fragen foar it mjitten fan de ferskillende feardigens en kennis dy't lêsbegryp beslaan. Mei har is neigien oft de yndieling fan it soarte fragen oerienkomt mei sa't Ravesloot de teksten yndiele soe.

By de A-teksten wurde net in soad hegere-oardefragen steld, wat resultearret yn in minder multidimensjonale toets. It It gebrûk fan multiple choice makket it opsykjen fan de ferdjipping dreech, en troch bot op it begripsnivo te bliuwen, krijst net in folslein byld fan it lêsbegryp as gehiel. It CITO lost dat foar HAFU/TWU op mei skema's, mar dat liedt gauris ta ûnbegrip oer de fraach by learlingen. Foar it fuortset ûnderwiis is it advys jûn om by de teksten dêr't de letterlike begrypsfragen oerfertsjintwurdige binne, noch in ekstra hegere-oardefraach te stellen. By de teksten *Bern skriuwe*, *Flutten*, *Natuerfotograaf*, *Pearripe ielen*, *Prizen*, *Tatoeaazjes* en *Zermützel* is dat dien. De folchoarde fan de fragen folget de tekst.

Oplevering

Alle teksten binne foarsjoen fan in definitive keppeling mei it RrF en binne mei inoar yn it evaluaasjesysteem ferwurke sa't der yn it primêr ûnderwiis op 4 subnivo's in starttoets, tuskentoets en eintoets is. It startjier is groep 5 wurden, om't bliken docht dat learlingen yn groep 4 om meardere redenen te jong binne foar lêsbegrypstoetsen. Yn goed oerlis mei leararen binne keuzes makke oangeande de fisuele aspekten fan de toets. Sa is besletten om de fragen oer twa siden te ferdielen, sa't net by eltse fraach trochklikt hoecht te wurden, en it makliker te kontrolearjen is oft se alle fragen ynfolle hawwe. De rigelnûmering is by alle teksten om de fiif rigels oanjûn yn plak fan dat alle rigels nûmere wurde. Dat is dien sa't de nûmering net te bot ôfliedt fan de tekst en it skerm wat rêstiger eaget. De fraachstelling wurdt twatalich oanbean en de antwurdmooglikheden binne ientalich Frysk. Dat joech by de pilot gjin problemen, dus is sa oanhouden. De teksten út de perioade 2014-2016 dy't earder kombinearre wienen ta toetsen fan elk trije teksten, binne yn it nije systeem ferwurke mei twa teksten yn ien toets. De gemiddelde skoare op de teksten wie liedend foar de yndieling fan de toetsen. Binnen itselde nivo is safolle mooglik besocht om ferskillende tekstsoarten yn ien toets oanbiede te kinnen. De Starttoets en Eintoets binne hieltyd like dreech fanwege it mjitten fan de fuortgong. De Tuskentoets is justjes dreger.

Primêr ûnderwiis yn Spoar 8

A2.1 Starttoets groep 5

Fêst yn de toer A2.1
Sa stil as in... A2.1

A2.1 Tuskentoets

De bosk A2.1
De knyn A2.1

A2.1 Eintoets

De skoaldokter A2.1
Mist en Hup A2.1

A2.2 Starttoets groep 6

Sus A2.2
Iten op bêd A2.2

A2.2 Tuskentoets

Hurde wyn A2.2
Slûk hier of krollen A2.2

A2.2 Eintoets

Klaptút A2.2
Wat stom! A2.2

B1.1 Starttoets groep 7

In moai ferhaal B1.1
Mona Lisa B1.1

B1.1 Tuskentoets

De marren B1.1
In skoalle fol technyk B1.1

B1.1 Eintoets

Sifers en letters B1.1
Simen fynt in hoed B1.1

B1.2 Starttoets groep 8

Ite by beppe B1.1
Efkes foarstelle B1.2

B1.2 Tuskentoets

De mûne B1.2
TV Wauw B1.2

B1.2 Eintoets

It kanon B1.2
Wa is Alyt Damstra B1.2

Fuortset ûnderwiis klasse 1 yn Searje 36

Yn Searje 36 is ûnderskied makke tusken TMBU en HAFU/TWU. Op trije nivo's is in toets beskikber, dy't dosinten nei eigen ynsjoch ynsette kinne. De trije nivo's biede de mooglikheid om te differinsjearjen, wat sjoen de resultaten fan de pilot tige winsklik is.

De teksten út 2014-2016 binne op basis fan de skoares kombinearre mei de nije teksten. Dy teksten wienen al fan in twatalige fraachstelling foarsjoen. De antwurdmoglikheden fan de fragen by alle teksten binne yn de einferzje ientalich Frysk oanbean, om't dat ek yn it primêr ûnderwiis gjin problemen joech by de pilottoetsen fan 2018 en 2019. De fragen by de teksten fan 2020 binne yn de einferzje ek foarsjoen fan in Nederlânske oersetting sadat by alle toetsen deselde wurkwize tapast is. Dat lost ek it probleem op fan de lege gemiddelde skoares op de pilots fan 2020, om't der rekken holden wurde kin mei in ferheging fan de skoare mei sa'n 10%. Om dyselde reden moat rekken holden wurde mei de mooglikheid dat de teksten dy't earder e koerssettings by de antwurdmoglikheden hienen, no dreger útfalle kinne.

Troch de ferskillende wurkwize yn de pilots is de yndieling net ien op ien mei de skoare op de tekst te ferantwurdzjen. It ûnderwerp fan de tekst en de wize fan kombinearjen hawwe meispile foar de definitive yndieling. Op A2.2 is ien fan de twa teksten in fiksjetekst. De teksten mei de heechste skoare binne foar A2.2 TMBU brûkt. Foar A2.2 HAFU is de nije fiksjetekst *Dy iene foto* kombinearre mei *Flutten*, om't dy wis op it goede nivo sit en mei 12 fragen in grut oandiel hat yn de skoare op de toets. Op B1.1 TMBU binne de twa teksten út de eardere TMBU-toets kombinearre dy't it heechst skoare. *Frysk damjen* is nei B1.1 HAFU-TWU oerbrocht, tegearre mei *Pearripe ielen*. By de teksten yn de dreechste kategory is sawol mei de dregens as mei it ûnderwerp fan de tekst rekken holden foar de yndieling.

Toetsen

A2.2 TMBU

In hûnestreek
Tegearre op Fryske les

A2.2 HAFU/TWU

Dy iene foto
Flutten

B1.1 TMBU

In draak kin helpe
De spikerbroek

B1.1 HAFU/TWU

Pearripe ielen
Frysk damjen

B1.2 TMBU

Tatoeaazjes
Natuerfotograaf

B1.2 HAFU/TWU

Yn ferwachting
Bern skriuwe

Eksamens Meartalich Fuortset Underwiis

Guon teksten binne dûbel brûkt foar it Meartalich Fuortset Underwiis, mar nivo-oerstiigjend kombinearre om binnen de toets meardere lêsnivo's mjitte te kinnen. Der is foar soarge dat learlingen net in eksamentekst krije kinne dêr't se yn klasse 1 mei oefene hawwe. Foar it eksamen wurdt gjin oersetting by de fraachstelling presintearre.

Der binne twa sets eksamenteksten gearstald, dy't inoar jier op jier ôfwikselje kinne, sa't doubleurs net twa kear itselde eksamen krije. Oant no ta krigen alle HAFU/TWU-learlingen yn klasse 3 it MFU Basis eksamen, mar it is no ek mooglik om op MFU+ eksamen te dwaan. Op it stuit binne der gjin TMBU-learlingen dy't eksamen dogge, mar yn it ferline hawwe der ek learlingen út klasse 2 eksamen dien. Dy krigen earder itselde eksamen as de learlingen út klasse 3, mar skoarden fansels minder heech. Foar skoallen dy't inkeld twa jier MFU oanbiede, binne de eksamens op B1.1 en B1.2 goede opsjes. De tawizing fan de eksamens rint fia it Cedin. De koördinaasje is yn hannen fan Reitze Jonkman. It eksamenpakket lykas hjirûnder wurdt folslein oerdroegen.

Set 1 (2021, 2023 ensfh.)

MFU Basis

TMBU (B1.1)

Tegearre op Fryske les
Bern skriuwe (2015-2016)

HAFU/TWU (B2.1)

Zermützel
Straf (2017-2018)

MFU+

TMBU (B1.2)

Bern skriuwe (2015-2016)
Fryske Hynder (2017-2018)

HAFU/TWU (B2.2)

Straf (2017-2018)
Prizen

Set 2 (2022, 2024 ensfh.)

MFU Basis

TMBU (B1.1)

Parwin is asylsiker (2015-2016)
Flutten

HAFU/TWU (B2.1)

Fryske Hynder (2017-2018)
Perron Zoutkamp

MFU+

TMBU (B1.2)

Flutten
Zermützel

HAFU/TWU (B2.2)

Perron Zoutkamp
In ko yn de kont sjen

Hantliedingen

Foar it primêr ûnderwiis en it fuortset ûnderwiis binne dúdlike hantliedingen skreaun foar de leararen. Dy hantliedingen binne by Afûk en Cedin ferspraat ûnder skoalbegelieders dy't workshops en stipe leverje. It is wichtich dat de toets foar it beëage doel brûkt wurdt en dat er op it goede momint ôfnommen wurdt om de betrouberens fan de toets te waarboargjen. Hjirûnder wurdt nochris beskreaun hoe't de toetsen ynset wurde.

Gebrûk yn it primêr ûnderwiis

Starttoetsen foar groep 5 oant en mei groep 8 binne bedoeld om oan it begjin fan it jier ynsjoch te krijen yn it nivo fan de learling, om ferfolgens it lêsoanbod ôfstimme te kinnen op dy learling. De konkretisearring fan it Referinsjeramt Frysk nei it soart lêsoanbod is hjirûnder werjûn. Yn tabel 9 stiet in rjochtlíne dy't de learaar hânfetten jaan kin foar it op maat oanbieden fan lêsmateriaal en ferwurkingsopdrachten.

Tabel 9			
RrF	Technysk lêsnivo	Soart teksten	Ferwurking
A1	AVI E3	Oanwizing mei plaatsje Printeboek	Begripe
A2.1	AVI E3 AVI M4	Meidieling Koart ferhaal Ienfâldich ynformatyf	Ynterpretearje
A2.2	AVI M4 AVI E4	Gedicht Advertinsje Nijsberjocht	
B1.1	AVI E4 Maksimaal	Resept Langer ferhaal Persoanlike brief Brosjuere	Gearfetsje
B1.2	Maksimaal	Interview Ferslach	
B2.1		Ynstjoerde brief Redenaasje Kollum	Evaluearje
B2.2		Adolesinteliteratuer Saaklike brief Skôging	

De skoare op de toets jout oan hokker nivo oft de learling hat. Bygelyks: as de learling tusken de 50% en de 80% skoart op in A2.2 toets, dan is dy learling ta oan it soart teksten ûnder A2.2, nammentlik in gedicht, advertinsje en/of nijsberjocht. By in skoare ûnder 50% is it oanbod ûnder A2.1 passend. In skoare boppe de 80% is in yndikaasje dat de learling oan tekstsoarten fan B1.1 ta is, lykas it resept en de persoanlike brief.

De learaar dy't it dreech fynt om hieltyd wer goede teksten te finen, sawol binnen as bûten Spoar 8, kin de Tuskentoets brûke as oefening binnen it reguliere oanbod. De Tuskentoets kin ek brûkt wurde om it nivo fan de learlingen neier te bepalen as se bûten de marzje fan 50-80% skoard hawwe. Dan kin in Tuskentoets fan in subnivo heger of leger oanbean wurde.

Eintoetsen tsjinje as doel om it leareffekt te mjitten. Om't de Starttoets en de Eintoets like dreech binne, jout it ferskil yn skoare ynsjoch yn de fuortgong fan de learling. Toetsing fan de fuortgong hat allinnich sin as der tidens it skoaljier regelmjittich lêswurk oanbean wurdt.

Gebrûk yn it fuortset ûnderwiis

De toetsen foar de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis binne bedoeld as formative toetsen dy't tagelyk oefening biede yn lêsbegryp. Der kin op trije nivo's in toets klearset wurde, wat de mooglikheid ta differinsjaasje jout. By goed gebrûk wurdt yn de earste helte fan it learjier in toets ôfnommen. De learaar makket in rûzing fan it lêsnivo dat nei alle gedachten by de learling past en kiest op basis dêrfan ien fan de trije toetsen. De toets tsjinnet dan as befestiging/bystjoering, dêr't ferfolgens by lêsofdrachten rekken mei holden wurde kin. Tabel 8 kin brûkt wurde by de kar foar in tekst.

Yn it fuortset ûnderwiis folstiet ien toets yn in skoaljier. Mei ien oere Frysk yn de wike hat it gjin doel om it lêsbegrypsnivo twa kear yn it jier te mjitten. It stiet fansels frij om de oare toetsen ek oan te bieden, ta oefening of as útdaging. It is perfoarst net de bedoeling dat TMBU-learlingen de HAFU-teksten brûke en oarsom, om't guon teksten yn MFU-eksamens ferwurke sitte. Dat moat yn it systeem ûnmooglik makke wurde.

As in dosint derfoar kieze wol om de toets te besiferjen, is it wichtich om te witten hoe't de skoare fan de toets lêzen wurde moat. By 55% goed is de learling ta oan it nivo fan de toets. By 80% en heger hat de learling it nivo helle en kin dy teksten op in subnivo heger begripe. Foar de besifering fan de toets is it wichtich om foar eagen te hâlden op hokker nivo oftst toetse wolst. Is it heljen fan it toetsnivo it heechste doel, dan soe de learling by 80% goed in 10 krije. In learaar is yn prinsipe frij om dêr sels in kar yn te meitsjen. Dêr moat mei klam by sein wurde dat de teksten gjin 0.90 betrouberens helje, en it dus net ferantwurde is om de útslach as hurde oergongseask te brûken.

Gebrûk foar it MFU-eksamen

De teksten foar it MFU-eksamen wurde brûkt om learlingen sertifikaten út te rikken. Wêr't it by de reguliere toetsen giet om it neigean oft de learling op dat spesifike nivo sit, is it foar it MFU-eksamen wichtich dat de toets trije nivo's mjitte kin. Learlingen dy't 80% of heger skoare krije in gouden sertifikaat wat lêsbegryp oangiet. Tusken 55% en 80% is it sulver. Under 55% is it in brûnzen sertifikaat. De lêsbegrypstoets beslacht ien-tredde diel fan it eksamen, dus bepaalt ek foar in tredde diel hokker sertifikaat oft de learling útrikt kriget, mei de fermelding fan it oanbelangjende skoalnivo (TMBU of HAFU/TWU) en it nivo fan it folge oanbod (MFU Basis of MFU +).

Neisoarch

Foar in ideale ôfsluting fan it projekt hienen alle FU-teksten mei de oanpaste fragen nochris toetst wurde moatten mei in oersetting by de fragen. Om ferskillende redenen (gjin taseine stazjêr op it projekt, swangerskipsferlof sûnder ferfanger, COVID19, toetsen út 2014-2016 kompatibel meitsje) wie dêr gjin mooglikheid mear ta. It is likegoed winsklik om it gebrûk, de wurking en de yndieling fan de toetsen te kontrolearjen. Dat is ienfâldich te dwaan troch yn 2022 de resultaten op alle toetsen del te laden en de statystyk nochris út te fieren.